

Boersma boartet mei bleat

FD 15/11 2000

Twa jier lyn krige de skriuwer Piter Boersma de Gysbert Japicxpriis foar de roman *It libben sels*, dêr't de spanning tusken it ferlet oan ôfsûndering en it ferlet oan kontakt sintraal yn stiet. Mei syn nijste roman *De klûs fan Copmanshurst* is Boersma it paad fan it absurdisme noch fierder ynslein.

GERBRICH VAN DER MEER

Sjûk, de haadpersoan fan de roman *De klûs fan Copmanshurst*, kriget fan de keninginne de opdracht op syk te gean nei de klûs fan har man, de kening. De speurder nimt de opdracht oan en folget fol oertsjûging hoeden it hâlden en dragen fan de kening. Wylst er op syn syktocht al ridlik gau efter de

klûs fan de keninginne komt, leit dat by de kening net sa maklik. Sjûk wint oeral ynlochttings yn en efterfolget de kening en syn gefolch oant yn DREAMELÂN ta. It begryp 'de klûs fan Copmanshurst' dat oan in boek fan Walter Scott ûntliend is, is foar de measte personaazjes yn de roman in bekend begryp. Yn in peartear mei in gids freget Sjûk op in stuit op side 88: „Wat is neffens jo in klûs fan Copmanshurst?” Yn it boek fan Scott is dy klûs soksawat as in dekmantel, sei de gids. Sjûk sei: „Men kin it ek as in geheim plak sjen of as in skûlplak of as it plak dêr't ien hielendal gelokkich of hielendal himsels wêze kin, mar dêr't er net foar útkomme doart. Ik bin op syk nei de kening syn geheim.” Mar hoe't er ek syn bêst docht, Sjûk komt net efter it geheim. De keninginne, dy't him sels tagong jout ta de wurk-, wen- en sliepferrekken yn it paleis, kin him net genôch helpe. Op it lêst giet er de konfrontaasje mei de kening sels oan en freget it him - ûnder twang - op de man ôf.

Wylst de ik-persoan yn Boersma syn bebroande roman krekt hiel iepen is oer syn klûzen (it finsterbank, de fyts, de fliering, it hok en syn eigen biblioteek), is de kening dat net. It iennichste plak dêr't hy as publyk besit hielendal himsels wêze kin, bliuwt foar himsels. Dat syn frou dêr yn brekke wol, is him dan ek oer en tefolle. Uteinlik komt Sjûk dochs efter it skûlplak fan de kening.

Tema

Krekt as yn de roman *It libben sels* komt yn dizze roman it tema fan de ôfsûndering oan bod, of mis-kien better sein, it bleat jaan fan jinsels. Wylst de personaazjes har yn *De klûs fan Copmanshurst* fysyk mei it measte gemak bleat jouwe oan elkoar as wie it in deistich omgongsritueel -sa lêze we op side 19: „Foar't Sjûk de oare deis wer ôfreizge strûpte er de mouwen op, sadat syn gasthear en gastfrou syn bleate earms sjen koene. Ane liet syn bleate kûten sjen en Femke har earleltsjes, dy't ûnder in dûnsjende

bosk krollen ferburgen sieten.”-, bliuwt it ynderlik libben, de klûs, in sletten boek. De ratio wurdt foar emoasje ynwiksele. Dat Sjûk salang nedich hat om de klûs fan de kening te finen, hat ek te krijen mei it foarby gean oan eigen yntuysje.

Is *De klûs fan Copmanshurst* no in gek en apart boek of in djipsinnich wurk? It stiet yn alle gefallen fêst dat de skriuwer syn ferhaal kryptysk werjûn hat mei in soad asosjative útstapkes. Sjûk spilet oan de ein fan de roman de bal werom oan it keninklike echtpear troch elkoars klûs net oan elkoar frij te jaan.

De keninginne is wer werom by it begjin; de sirkel is rûn. Of is der dochs wat feroare? As jo witte wolle wat de oare ten djipsten dwaande hâldt, sille jo sels blykber de dryste skuon oantsjen moatte en kontakt meitsje mei him of har, yn-stee it út te besteegjen oan treden.

De klûs fan Copmanshurst. Piter Boersma, Koperative Utjowerij, Boalsert 2000, 29,50 gûne